

# It passyferhaal lykas ferteld yn Mattéus 26-28

neffens de *Bijbel in Gewone Taal* © 2017 Nederlands Bijbelgenootschap, Haarlem

## Jezus wurdt oppakt

### *It plan om Jezus dea te meitsjen*

**26**<sup>1</sup> Dêrnei sei Jezus tsjin syn learlingen: <sup>2</sup> ‘Jim witte dat it Peaskefeest hast begjint. Dan wurdt de Minskesoan oerjûn oan minsken dy’t him oan it krús hingje sille.’

<sup>3</sup> Wilens kamen de prysters en de liederen fan it folk byinoar yn it paleis fan Kajafas, de hegepryster. <sup>4</sup> Se makken in plan om Jezus yn it geheim op te pakken en dea te meitsjen. <sup>5</sup> ‘Mar dat moat net krekt op it feest,’ seinen se. ‘Oars dan komt it folk yn opstân.’

### *In frou jit Jezus oalje oer de holle*

<sup>6</sup> Om dy tiid hinne wie Jezus yn Betanië. Hy wie by Simon, dy’t Simon Hûdsykte neamd waard. <sup>7</sup> Under it iten kaam der in frou by Jezus. Se hie in fleske by har mei hiele djoere oalje. En dy oalje geat se Jezus oer de holle.

<sup>8</sup> De learlingen seagen dat en se waarden lulck. Se rôpen: ‘Skande!’ <sup>9</sup> Wy hienen dy oalje wol foar in protte jild ferkeapje kinnen. Dan koenen wy it jild oan earne minsken jaan!’

### *De frou hat wat goeds dien*

<sup>10</sup> Jezus hearde wat de learlingen seinen. Hy sei: ‘Doch net sa mâl tsjin dy frou. Foar my hat se wat goeds dien. <sup>11</sup> Earne minsken bliuwe der wol, mar ik bliuw net altyd by jimme. <sup>12</sup> Dizze frou hat my fersoarge mei oalje. No is myn lichem mar klear foar de begraffenis.’

<sup>13</sup> Tink der goed om: As it goede nijs ferteld wurdt, sil der ek oer dizze frou ferteld wurde. Oeral op ’e wrâld sille minsken hearre wat sy dien hat.’

### *Judas helpt de prysters*

<sup>14</sup> Ien fan ’e tolve learlingen gong nei de prysters ta. It wie Judas Iskariot. <sup>15</sup> Hy sei: ‘Ik kin jimme wol helpe om Jezus op te pakken. Wat krij ik dan?’ De prysters joegen him tritich sulveren munten.

<sup>16</sup> Fan dat stuit ôf wie Judas oan ’t prakkesearjen hoe’t er Jezus it bêste oppakke litte koe.

### *It peaskemiel wurdt klearmakke*

<sup>17</sup> It wie de earste dei fan it Joadske Peaskefeest. De learlingen kamen by Jezus en fregen: ‘Wêr sille wy it peaskemiel foar jo klearmeitsje?’

<sup>18</sup> Jezus neamde de namme fan ien yn Jeruzalem. De learlingen moasten nei dy man ta gean en tsjin him sizze: ‘Us master seit dat er it net lang mear meitsje sil. Hy wol yn jo hûs it peaskemiel hâlde mei syn learlingen.’

<sup>19</sup> De learlingen dienen wat Jezus tsjin harren sein hie, en se makken it peaskemiel klear.

### *Ien learling sil Jezus útleverje*

<sup>20</sup> Dy jûns siet Jezus mei de tolve learlingen te iten. <sup>21</sup> Under it iten sei Jezus: ‘Tink der goed om: ien fan jimme sil my útleverje.’ <sup>22</sup> De learlingen krigen it wakker krap en se

fregen allegearre oan Jezus: ‘Bin ik it? Nee dochs, Hear!’

<sup>23</sup> Jezus antwurde: ‘Ien fan jimme krige krekt wat út ’e skaal, tagelyk mei my. Dat is de man dy’t my útleverje sil. <sup>24</sup> De Minskesoan sil stjerre. Dat stiet al yn ’e hillige boeken. Mar o wee foar de man dy’t my útleverje sil! Foar dy man sels hie it better west as er net bestie.’

<sup>25</sup> Judas, de man dy’t Jezus ferriede soe, sei: ‘Bin ik dat, master? Nee dochs!’ Jezus sei tsjin him: ‘Seist it sels.’

### *Jezus dielt bôle en wyn út*

<sup>26</sup> Under it iten naam Jezus in stik bôle. Hy tanke God, bruts it stik bôle yn stikken en dielde it út. Hy sei: ‘Sjoch, yt hjir mar fan. Dan is dat myn lichem.’

<sup>27</sup> Dêrnei naam er in beker wyn. Hy tanke God en liet de beker rûngean. Hy sei: ‘Jim moatte allegear út dizze beker drinke. <sup>28</sup> Want dan is dat myn bloed. As ik deamakke wurdt, sil myn bloed floeie. Mar dêrtroch sille in protte minsken rêden wurde, want de sûnden wurde har ferjûn. Dat hat God sels sein.’

<sup>29</sup> Jezus sei ek: ‘Tink derom: fan no ôf sil ik gjin wyn mear drinke. Ik sil pas wer wyn drinke as ik mei jimme yn ’e nije wrâld fan myn Heit bin.’ <sup>30</sup> Doe songen Jezus en syn learlingen in liet om God te tankjen. Dêrnei gongen se dat út nei de Oliifberch.

### *De learlingen sille Jezus sitte litte*

<sup>31</sup> Jezus sei tsjin syn learlingen: ‘Jûn litte jimme my allegearre sitte. Want God seit yn ’e hillige boeken: «Ik sil de hoeder delslaan, en de skiep sille alle kanten út stowe.»

<sup>32</sup> Mar ik kom wer út ’e dea werom. En dan gean ik nei Galiléa ta, en dêr sille jim my sjen.’

<sup>33</sup> Doe sei Petrus: ‘Miskien litte alle oaren jo wol sitte. Mar ik lit jo noait in kear sitte!’ <sup>34</sup> Jezus antwurde: ‘Tink derom, Petrus. Do silst trije kear sizze datsto my net kenst. Dat sil fannacht noch wêze, foardat de hoanne kraait.’

<sup>35</sup> Mar Petrus sei: ‘Ik sis net dat ik jo net ken! Al moat ik mei jo stjerre!’ En alle oare learlingen seinen itselde as Petrus.

### *Jezus bidt yn Getsemane*

<sup>36</sup> Jezus gong mei de learlingen nei in plak dat Getsemane hjit. Hy sei tsjin ’e learlingen: ‘Ik gean dêr fierderop sitten te bidden. Jim moatte hjir krekt salang wachtsje dat ik weromkom.’ <sup>37</sup> Jezus naam Petrus mei, en de broers Jakobus en Johannes. Jezus waard bang. It fleach him oan. <sup>38</sup> Hy sei: ‘Ik hâld it net mear út fan fertriet. Bliuw jim hjir mar en bliuw wakker, krekt as my.’

<sup>39</sup> Jezus rûn noch in lyts eintsje fierder. Hy sakke mei de knibbels op ’e grûn en begûn te bidden: ‘Heit, as it kin, sis dan dat ik net hoech te lijen. Mar doch allinne wat jo wolle, net wat ik wol.’

<sup>40</sup> Jezus gong werom nei de trije learlingen. Dy leinen te sliepen. Hy sei tsjin Petrus: ‘Koenen jim no net iens in oere mei my wakker bliuwe?’ <sup>41</sup> Bliuw dochs wakker! Bid God om krêft, dat jim jim net fersinne. Want jim wolle wol it goeie kieze, mar jimme binne swak.’

### **Jezus bidt op 'en nij**

<sup>42</sup> Jezus gong foar de twadde keer fuort om te bidden. Hy sei: 'Myn Heit, as it net oars kin, dan sil ik it lijen drage. Wat jo wolle, sa moat it.' <sup>43</sup> Doe't er weromkaam, leinen de learlingen alwer te sliepen. Se koenen de eagen net iepen hâlde.

<sup>44</sup> Jezus liet harren dêr lizze. Hy gong noch in kear te bidden. En foar de tredde kear sei er dyselde wurden.

<sup>45</sup> Doe't er wer by de learlingen weromkaam, sei er: 'Lizze jim no noch moai te sliepen en te bekommen? It is ommers hast safier dat de Minskesoan oerjûn wurdt oan ferkearde lju.'

### **Judas komt deroan**

<sup>46</sup> Jezus zei: 'Kom, wy moatte hjirwei. De man dy't my útleverje sil, is tichtby.' <sup>47-48</sup> Wylst Jezus dat sei, kaam Judas der al oan, ien fan 'e learlingen. Hy wie de man dy't Jezus útleverje soe. Hy hie in grutte ploech manlju by him mei swurden en kneppels. Se wienen stjoerd troch de prysters en de lieders fan it folk.

Judas hie yn it foar mei dy mannen in teken ôfpraat. Hy hie sein: 'Ien man sil ik begroetsje mei in tút. Dat is de man dy't jim oppakke moatte.'

### **Jezus wurdt oppakt**

<sup>49</sup> Judas rûn rjocht op Jezus ôf. Hy sei: 'Goeie, master!' En hy begroete him mei in tút. <sup>50</sup> Jezus sei tsjin him: 'Soa, freon. Dat, hjir wiest foar kaam.' Doe pakten de mannen Jezus fêst en se namen him finzen.

<sup>51</sup> Ien fan 'e learlingen fan Jezus pakte syn swurd. Hy rekke dêrmei de feint fan 'e hegepryster. Hy sloech him in ear ôf. <sup>52</sup> Mar Jezus sei: 'Fuort mei dat swurd! Want eltsenien dy't geweld brûkt, sil troch geweld deagean. <sup>53</sup> Do witst dochs dat ik myn Heit om help freegje kin? Dan soe hy my fuort in geweldich leger fan ingelen stjoere.

<sup>54</sup> Mar dan komt it net sa't it komme moat. It moat ommers krekt sa gean as dat it al ferteld wurdt yn 'e hillige boeken.'

<sup>55</sup> Doe sei Jezus tsjin de groep manlju dy't om him kaam wienen: 'Jim binne hjir kaam mei swurden en kneppels om my op te pakken. Krekt as bin ik in gefaarlike misdiediger! Alle dagen haw ik yn 'e timpel sitten om de minsken de dingen fan God út te lizzen. Mar doe hawwe jim my net oppakt. <sup>56</sup> Mar sa moat it allegear, want sa wurdt it al ferteld yn 'e hillige boeken fan 'e profeten.'

Doe naaiden alle learlingen út. Se lieten Jezus gewoan sitte.

### **Jezus komt by de hegepryster**

<sup>57</sup> De mannen dy't Jezus oppakt hienen, brochten him by Kajafas, de hegepryster. Dêr wienen ek de wetleararen en de lieders fan it folk byinoar kaam.

<sup>58</sup> Petrus rûn op in ôfstân efter Jezus oan. Hy kaam op it binnenplak fan it hûs fan 'e hegepryster. Dêr gong er by de feinten sitten om te sjen hoe't it ôfrinne soe.

### **Jezus wurdt falsk beskuldige**

<sup>59</sup> De prysters, de wetleararen en de lieders fan it folk sochten om in falske beskuldiging tsjin Jezus. Want dan koenen se him deameitsje litte. <sup>60</sup> Der waarden wol in protte falske beskuldigingen tsjin Jezus ynbrocht. Mar dêr wie gjin beskuldiging by dy't se brûke koenen.

Doe kamen der twa manlju. <sup>61</sup> Se seinen: 'Wy hawwe Jezus praten heard oer de timpel. Hy sei: Ik kin de timpel fan God ôfbrekke en yn trije dagen wol wer opbouwe.'

<sup>62</sup> De hegepryster gong stean. Hy sei tsjin Jezus: 'Wêrom jouwe jo gjin antwurd? Jo hearre dochs wat dy minsken oer jo sizze?' <sup>63</sup> Mar Jezus sei neat.

### **Jezus is de Minskesoan**

Doe sei de hegepryster tsjin Jezus: 'Sa wis as God libbet, jou antwurd! Binne jo de messias, de Soan fan God?' <sup>64</sup> Jezus sei: 'Jo sizze it sels. En ik sis jimme: Ik bin de Minskesoan. Hjirnei sille jimme my neist God sitten sjen, oan 'e rjochterside. En jimme sille my út 'e himel weromkommen sjen op 'e wolken.'

<sup>65</sup> Doe't de hegepryster dat hearde, skuorde hy syn prysterjas yn twa stikken. Hy sei: 'Dizze man hat God beledige. Ferklearrings hawwe wy gjin ferlet mear fan. Jimme hawwe no allegearre heard dat er God beledige hat. <sup>66</sup> Wat is jim útspraak?' Sy antwurden: 'Hy is skuldich en hy moat dea.'

<sup>67</sup> Doe begûnen se Jezus yn syn gesicht te spuien en stompen te jaan. Oaren sloegen him <sup>68</sup> en seinen dan: 'Heu, messias, fertel ús ris wa't dy krekt slein hat!'

### **Petrus seit dat er Jezus net ken**

<sup>69</sup> Petrus siet noch hieltyd op it binnenplak. Der kaam in frommeske op him ta dat dêr wurke. Sy sei: 'Do hearst ek by dy Jezus út Galilea!' <sup>70</sup> Mar Petrus rôp: 'Welnee! Ik ha gjin idee wêr'tst it oer hast!' Eltsenien hearde it.

<sup>71</sup> Petrus rûn dêrwei, nei de poarte. Mar dêr wie in oar frommeske dat him ek koe. Se sei tsjin 'e minsken dy't dêr stienen: 'Hy heart by Jezus út Nazaret.' <sup>72</sup> En wer rôp Petrus: 'Welnee! God wit, ik ken dy man net iens!'

<sup>73</sup> Mar efkes letter seinen in pear oare lju: 'It mist ús net, do hearst by Jezus. Eltsenien kin hearre datsto ek út Galilea wei komst.' <sup>74</sup> Doe begûn Petrus te flokken en te skellen. Hy rôp: 'God wit dat ik dy man net ken!' Fuort dêrnei kraaide der in hoanne.

<sup>75</sup> It skeat Petrus yn 't sin wat Jezus sein hie: 'Do silst trije kear sizze datsto my net kenst. Fannacht, noch foardat de hoanne kraait.'

Doe rûn Petrus fuort, en hy moast ferskriklik gûle.

### **Jezus komt by Pilatus**

**27** <sup>1</sup> Doe't it moarn wurden wie, namen alle prysters en lieders fan it folk in beslút. Dat beslút wie dat Jezus dea moast. <sup>2</sup> Se lieten him fêstbine, namen him mei en brochten him by Pilatus, de Romeinske bestjoerder.

### **Judas docht himsels tekoart**

<sup>3</sup> Judas, de man dy't Jezus útlevere hie, hearde it beslút om Jezus dea te meitsjen. Doe krige er spyt fan wat er dien hie. Hy brocht de tritich sulveren munten werom nei de prysters en de lieders fan it folk. <sup>4</sup> Hy sei: 'Ik haw wat ferkeards dien! Ik haw ien útlevere dy't ûnskuldich is. En no meitsje se him dea.' Mar de prysters en de lieders seinen: 'Dêr kinne wy net mei stean. Sykje dat sels mar út.'

<sup>5</sup> Doe smiet Judas de sulveren munten yn 'e timpel en gong fuort. Dêrnei makke er in ein oan syn libben. Hy hong himsels op.

### **It jild wurdt brûkt**

<sup>6</sup> De prysters krigen de sulveren munten op en seinen: 'Dat is jild dêr't bloed oan sit! Dat meie wy net yn 'e jildkiste fan 'e timpel dwaan.'

<sup>7</sup> Se namen in beslút om fan it jild in stik lân te keapjen, dat it Pottebakkerslân hjitte. Dat lân waard dêrnei brûkt as tsjerkhôf foar frjemdlingen. <sup>8</sup> It wurdt no noch altyd it Bloedlân neamd.

<sup>9</sup> Sa kaam út wat al troch de profeet Jeremia sein wie: «Se krigen de tritich sulveren munten op. Dat wie it bedrach dat de mannen fan Israel fêststeld hienen. Safolle fûnen se him wurdich. <sup>10</sup> En fan dat jild kochten se it Pottebakkerslân. Dat moast ik sizze fan de Hear.»

### **Pilatus ûnderfreget Jezus**

<sup>11</sup> Jezus stie foar Pilatus, de Romeinske bestjoerder. Pilatus frege him: 'Bisto de kening fan 'e Joaden?' Jezus antwurde: 'Jo sizze it sels.'

<sup>12</sup> De prysters en de liederen fan it folk beskuldigen Jezus fan allegear minne dingen. Mar Jezus sei neat werom. <sup>13</sup> Doe sei Pilatus tsjin Jezus: 'Sy fertelle allegear minne dingen oer dy. Of hearst dat net?' <sup>14</sup> Mar Jezus joech dêr alhiel gjin antwurd op. Pilatus fûn dat wakkere nuver.

### **De lju kieze Barabbas**

<sup>15</sup> Op it Joadse Peaskefeest liet Pilatus altyd ien finzene frij. It folk mocht dan ien útsykje. <sup>16</sup> Krekt yn dy tiid siet der ien fêst dy't Jezus Barabbas hjitte. It wie in bekende finzene. <sup>17</sup> Pilatus frege de minsken dy't by him kaam wienen: 'Wa moat ik frijlitte? Jezus Barabbas, of Jezus dy't de messias neamd wurdt?'

<sup>18</sup> Pilatus wist krekt wêrom oft de prysters en de liederen Jezus by him brocht hienen. Dat wie om't se jeloersk wienen op Jezus.

<sup>19</sup> Pilatus siet klear om in beslút te nimmen. Op dat stuit kaam der in berjocht fan syn frou: 'Pas op! Moast dy man gewurde litte, want dy is ûnskuldich! Ik ha fannacht in freeslike dream hân, en dat wie om him.'

<sup>20</sup> Mar de prysters en de liederen seinen tsjin de minsken: 'Jim moatte om Barabbas freegje en sizze dat Jezus dea moat.' Dat dienen de minsken. <sup>21</sup> Doe frege Pilatus noch in kear: 'Wa fan beiden moat ik frijlitte?' De lju rôpen: 'Barabbas!' <sup>22</sup> Pilatus sei: 'Wat moat ik dan dwaan mei Jezus dy't de messias neamd wurdt?' De lju rôpen allegearre: 'Hy moat oan it krús!'

### **Pilatus docht wat de minsken wolle**

<sup>23</sup> Doe sei Pilatus: 'Mar hy hat dochs neat ferkeards dien?' Mar de lju begûnen noch lûder te razen: 'Hy moat oan 't krús!'

<sup>24</sup> Pilatus fernaam dat it neat joech wat er allegear sei. It folk like just yn opstân te kommen. Dêrom liet er him wat wetter bringe en wosk er de hannen. Eltsenien seach wat er die. Doe sei er: 'Dy man syn dea is myn skuld net. Jimme binne ferantwurdlik.' <sup>25</sup> Doe joech it hiele folk dit antwurd: 'Ja, syn dea is de saak fan ús en fan ús bern.'

<sup>26</sup> Doe liet Pilatus Barabbas frij. Mar hy liet Jezus swypslaggen jaan. Dêrnei joech er him oan syn soldaten, om him oan it krús te hingjen.

### **De soldaten hawwe de gek mei Jezus**

<sup>27</sup> De soldaten brochten Jezus nei it paleis fan Pilatus. Se rôpen de hiele ôfdieling derby. <sup>28</sup> Doe strûpten se Jezus de klean út en dienen him in reade mantel oan. <sup>29</sup> Se makken in kroane fan tûken mei stikels en setten him dy op 'e holle. En se joegen him in stokje yn 'e rjochterhân. Se gongen foar him op 'e knibbels en seinen spotsk: 'Wy groetsje jo, kening fan 'e Joaden!'

<sup>30</sup> Se spuiden him yn it gesicht. En se pakten it stokje ôf en sloegen him dêrmei op 'e holle. <sup>31</sup> Sa hienen de soldaten de gek mei Jezus. Dêrnei dienen se him de mantel wer út, en se dienen him syn eigen klean wer oan.

### **Jezus wurdt oan it krús hongen**

Doe brochten de soldaten Jezus fuort om him oan it krús te hingjen.

<sup>32</sup> Doe't se de stêd út gongen, kamen se in man tsjin. Dy hiet fan Simon en hy kaam út Cyrene. De soldaten twongen him en draach de krúsbalke.

<sup>33</sup> Se kamen op it plak dat Golgota hjit. Dy namme betsjut: skedelplak. <sup>34</sup> Dêr joegen se Jezus wyn mei wat bitters dertroch. Doe't er dêr wat fan yn 'e mûle hân hie, woed er de wyn net opdrinken.

<sup>35</sup> Doe spikeren de soldaten Jezus oan 'e krúsbalke fêst en hongen him sa op. Dêrnei ferparten se syn klean. Se lotten derom. <sup>36</sup> En se gongen dêr sitten om by Jezus de wacht te hâlden.

<sup>37</sup> Se hongen in buordsje boppe Jezus syn holle. Dêr stie op wêrom oft er dea moast: 'Jezus, kening fan 'e Joaden.'

<sup>38</sup> Dêrnei waarden ek noch twa oaren oan it krús hongen, twa misdiedigers. Ien hong oan 'e linkerkant en ien hong oan 'e rjochterkant fan Jezus.

### **De minsken hawwe de gek mei Jezus**

<sup>39</sup> Dy't dêr foarbykamen, laken Jezus út. Se skodhollen <sup>40</sup> en rôpen: 'Hee! Do soest de timpel ôfbrekke en yn trije dagen wer opbouwe! Rêd dysels earst mar! Ast de Soan fan God biste, kom dan fan dat krús ôf!'

<sup>41</sup> De prysters, de wetleararen en de liederen fan it folk hienen ek de gek mei Jezus. Se seinen: <sup>42</sup> 'Oare minsken hat er rêden. Mar himsels rêde, dat wurdt him net. Hy wie dochs de kening fan Israel? Dan moat er earst mar ris fan dat krús ôf komme. Dan leauwe wy yn him! <sup>43</sup> Hy hie dochs wakker betrouwen yn God? Hy hat sels sein, hy wie God syn Soan! As God wier sa wiis mei him is, moat God him ek mar rêde!'

<sup>44</sup> De beide misdiedigers dy't neist Jezus oan it krús hongen, sieten him krekt sa út te skellen.

### **Jezus ropt oan God en stjerft**

<sup>45</sup> Dy middeis om tolve oere waard it ynienen tsjuster yn it hiele lân. Trije oeren lang bleau it tsjuster. <sup>46</sup> Doe, de middeis om trije oere, rôp Jezus lûd: 'Ely, Ely, lema sabachtany?' Dat betsjut: 'Myn God, myn God, wêrom hawwe jo my allinnich litten?' <sup>47</sup> De minsken dy't dêr stienen, hearden it. Guon seinen: 'Dy ropt om Elia!'

<sup>48</sup> Daliks krige ien in spûns. Hy liet dy folrinne mei soere wyn. Doe died er de spûns op in stôk, en sa soed er Jezus wat drinken jaan. <sup>49</sup> De oaren seinen: 'Nee ju! Wy moatte sjen oft Elia ek komt om him te rêden!'

<sup>50</sup> Mar Jezus joech noch ien kear in lûde skreau. Sa stoar er.

### **Der barre aparte dingen**

<sup>51</sup> Op dat stuit barde der wat yn 'e timpel. It gerdyn foar de hillige seal skuorde dwerstroch, fan boppe nei ûnderen.

De grûn begûn te skokken. De rotsen knapten dwerstroch. <sup>52</sup> De grêven fan 'e deaden gongen iepen. En in protte hillige minsken dy't stoarn wienen, kamen út 'e dea werom. <sup>53</sup> Nei Jezus syn ferrizenis gongen se nei de stêd Jeruzalem. In protte lju hawwe dêr dy hillige minsken sjoen.

<sup>54</sup> De Romeinske ofsier en de soldaten dy't by Jezus de wacht holden, fielden de grûn skokken. Se murken wat der allegear barde. Se waarden ferskriklike bang en seinen: 'It kin net oars! Hy wie al de Soan fan God!'

<sup>55</sup> In eintsje fierder stie in grutte groep froulju te sjen. Dy wienen ek mei Jezus út Galilea wei kaam as learlingen fan him. <sup>56</sup> By dy groep hearden Marije út Magdala, en Marije de mem fan Jakobus en Joazef, en de mem fan Jakobus en Johannes.

### **Jezus wurdt begroeven**

<sup>57</sup> Der wie in rike man, dy hjitte fan Joazef en kaam út Arimatea. Dat wie ek wer in learling fan Jezus. Dy jûns <sup>58</sup> gong hy nei Pilatus ta. Hy frege oft er it lichem fan Jezus wol meinomme mocht. Pilatus joech opdracht, se moasten Joazef it lichem fan Jezus oerjaan.

<sup>59</sup> Joazef naam it lichem fan Jezus mei. Hy bewuolle it yn in nij, skjinn kleed. <sup>60</sup> Dêrnei lei er it lichem yn in grêf dat noch net earder brûkt wie. Joazef hie dat grêf yn 'e rots útkapje litten foar himsels.

Joazef rôle in grutte stien foar de yngong fan it grêf. Doe gong er fuort. <sup>61</sup> Marije út Magdala en de oare Marije wienen derby. Se sieten rjocht foar it grêf oer.

### **Der wurdt wachtholden by it grêf**

<sup>62</sup> De oare deis wie it sabbat. In groep prysters en fariseeërs gong nei Pilatus ta. <sup>63</sup> Se seinen: 'Hear, wy woenen jo wat freegje. Dy Jezus, dy't de lju allegear op 'e doele brocht, dy hat in kear sein: 'Trije dagen nei myn dea kom ik wer werom.' <sup>64</sup> Wolle jo dêrom trije dagen lang wacht hâlde litte by it grêf? Oars dan komme syn learlingen om it lichem yn it geheim út it grêf wei te heljen. En dan sizze se tsjin it folk: 'Jezus is út 'e dea weromkaam!' En dan bringe se de lju noch slimmer op 'e doele as dat Jezus al die.

<sup>65</sup> Pilatus antwurde: 'Jim krije in pear soldaten om wacht te hâlden by it grêf. Regeljje it fierder sels mar.'

<sup>66</sup> De prysters en de fariseeërs gongen nei it grêf ta. Se soargen, dat net ien it grêf samar iepenmeitsje koe. En se joegen de soldaten opdracht om foar it grêf stean te bliuwen.

### **Jezus komt út 'e dea werom**

#### **Der komt in ingel by it grêf**

**28** <sup>1</sup> De sabbat wie foarby. De oare deis soenen Marije út Magdala en de oare Marije by it grêf sjen. It wie noch ier en betiid, de sinne kaam krekt op.

<sup>2</sup> Ynienen begûn alles te skodzjen. Der wie in ingel fan 'e Hear út 'e himel wei kaam. Dy hie de stien foar it grêf wei rôle en siet op 'e stien. <sup>3</sup> Hy skittere as de wjerljocht, en syn klean wienen sniewyt.

<sup>4</sup> De soldaten dy't wacht hâlde moasten by it grêf, wienen poerbenaud wurden en foar dea oer de grûn fallen.

### **De froulju hearre dat Jezus weromroppen is**

<sup>5</sup> Dy ingel sei tsjin 'e froulju: 'Jimme hoege net bang te wêzen. Ik wit wol dat jim om Jezus sykje, dy't stoarn is oan it krús. <sup>6</sup> Mar dy is hjir net. Want hy is út 'e dea weromroppen, sa't er al sein hie. Kom mar. Sjoch, hjir hat er lein.

<sup>7</sup> Gean no gau nei de learlingen ta en fertel harren dat Jezus út 'e dea weromroppen is. Fertel har ek dat Jezus nei Galilea ta sil. En dat se him dêr sjen sille. Dat moast ik tsjin jim sizze.'

### **De froulju sjogge Jezus**

<sup>8</sup> De froulju gongen gau by it grêf wei. Se wienen kjel wurden, mar se wienen ek o sa bliid. Se woenen de learlingen sa gau mooglik fertelle wat der bard wie.

<sup>9</sup> Doe kaam Jezus harren yn 'e mjitte, en hy begroete harren. De froulju rûnen op him ôf. Se gongen foar him op 'e knibbels en krigen him by de fuotten beet. <sup>10</sup> Jezus sei: 'Jim hoege net bang te wêzen. Jim moatte myn freonen fertelle dat se nei Galilea ta moatte. Dêr sille se my sjen.'

### **De prysters betinke in ferhaal**

<sup>11</sup> De froulju wienen ûnderweis nei de learlingen. Mar wilens gongen in pear soldaten dy't wacht hâlde moasten by it grêf nei de stêd ta. Se fertelden de prysters alles wat der bard wie.

<sup>12</sup> Doe makken de prysters en de liederen fan it folk in plan. Se besleaten om de soldaten in slompe jild te jaan. <sup>13</sup> Se seinen tsjin har: 'Jim moatte fertelle dat de learlingen it lichem fan Jezus yn it geheim út it grêf wei helle hawwe. Sis mar dat se fannacht kaam binne, wylst jim leinen te sliepen. <sup>14</sup> As Pilatus der wat fan heart, beprate wy it wol mei him. Jim hoege der net oer yn te sitten.' <sup>15</sup> De soldaten namen it jild oan, en dienen wat de prysters sein hienen.

It ferhaal dat de prysters betocht hienen, wurdt noch altyd by de Joaden ferteld.

### **De learlingen sjogge Jezus yn Galilea**

<sup>16</sup> De alve learlingen gongen nei Galilea. Se gongen nei de berch ta dy't Jezus neamd hie. <sup>17</sup> Dêr seagen se Jezus, en se gongen foar him op 'e knibbels. Mar in pear learlingen koenen it noch net leauwe.

<sup>18</sup> Jezus kaam tichterby en sei tsjin 'e learlingen: 'God hat my alle macht jûn, yn 'e himel en op ierde. <sup>19</sup> Jimme moatte nei alle folken ta gean, dat eltsenien myn learling wurdt. Dan moatte jim de minsken dope yn 'e namme fan 'e Heit en fan 'e Soan en fan 'e Hillige Geast.

<sup>20</sup> Jim moatte de minsken leare hoe't se har hâlde kinne oan alles wat ik jim ferteld haw. En jim kinne hjirop oan: ik bin altiten sels by jim, krekt salang dat de nije wrâld komt.'